


160 D 30 $\frac{1}{2}$



160533

Hwa sjongt mei op Keninginnedei.

troch G. H. VAN DER VEEN.



PRINTED BY
W. A. EISMA Cz.
LJOUWERT.




*Ondergeteekenden verklaren namens het
Onderw. Gezelsch. »Bergum'', volgaarne, dat
de teestsangkjes van G. H. VAN DER VEEN,
onderwijzer te Eestrum en om hun inhoud
en om hunne melodie, als liederen voor de
Koninginnedag alle aanbeveling verdienen.*

*Het Bestuur van het
Onderw. Gezelsch »Bergum'',*

DUURSMA, Vice-Voorz.

DE VRIES, Secr.

STEENSTRA, Penn^m.



I. KENINGINNEDEI.

WIZE: *Helje op, helje op de freugdesang, it hiele lân
yn 't roun, ensf.*

5 1 5 3 | 1 5 . 4 3 |
Hwet is ús skoalle en doarp yn pronk
2 1 5 1 | 3 2. 0 |

Mei grien en flagg' en blom!

5 2 2 3 | 3 43 45 3 |
Mar nimmen, dy der nijs oan sjucht,

5 2 2 3 | 3 43 45 3 |
Hwent elk, elk wit, dat men dit docht,

5 4 . 2 1 | 7 1. 0 |

Ta ear der Keningin!

Elk wit, ús jonge Willemyn

Wirdt nou de kroan opset!

En, dat, dat set ús 't hert yn gloêd

Ut ljeafde for 't Oranjebloed,

En for ús Keningin!

Wy fiere feest de hiele dei!

Hwa bliuwt fen fierren stean?

Né, elk is tankber, elk is bliid!

Lit dêrom daevrje wiid en siid:

Lang libje ús Keningin!

Hawar, wy helje yet ris op:

Lang, libje Willemyn!

Dat Hjar bistjûr in wolfeart bringt,

Dy elts jier wer ta d' útrop twingt:

Lang libje ús Keningin!



2. ORANJE BOPPE.

WIZE: *Zoo gaat gij dan voor altijd heen, vaarwel,
vaarwel, vaarwel!*

5 | 1 3 2 7 | 1 7̣ 6 5
Hosé 't is feest hjoed hjir to ús,

5 | 6̣ 4 7 5 | 1. 0

Wy fiere Kroningsdei!

5 | 1 3 2 7 | 1 7̣ 6 5
Nin ien wêz' fij, aef hald' him thús,

5 | 6̣ 4 7 5 | 1. 0

Mar elk dogg' tige mei.

1 | 2 2̣ 2 2 | 3 4 5
Wy winskje, hwet wy winskje kin,
1 | 2 2 2 2 | 3 5 4 6 | 5. 0

Us ienichst oerbleaun Ke - nings-bern:

4 | 3 3 2

't Besit der kroan,

2 | 3 3 2

Foldogg' Hjar skoan;

2 | 3 5 1. | 1

Bisett' se lang

5 4 2 | 1. 0 |

Mei lof de troan!

Wy tinke yet ris ek torêch

Oan 't dierber Keningshûs;

Hwa 't ca ris yn ús skiêdnis seach,

Foun feiten by de rûs

Fen 't Stamhûs, hwerút ljeafde spriek,

Ef moêd en kreft en frommens blik

Us lân ta sein ;
Dy hawwe yn 't ein
In hechte ban
Fen leafde lein.

Wy hawwe op ús foarstin wol moed
As Keningin fen 't lân ;
Mei 't lansbistjûr folstrekt gjin noêd.
Bitrou it oan Hjar hân !
Hwet ea de tiid ek bringe mei,
Wy scill' hjar stypje op Hjar wei
De ljeafde en trou
Forbine nau
Us Heitelân
Mei 't hus Nassau.

3. FOARSTIN EN FOLK.

WIZE: *Wien Neerlands bloed.*

Hwa, dy net sêft yn d' earen rûst
In liet ta lof fen Hjar?
Hwa, dy net 't bloed troch d' ieren brúst
For dy nou kroane waerd?
Wy sjonge derom, ien fen sin,
't Klink' lûd mar oer de wrâld:
Wy freegje for ús Keningin
In jierrenlang bihald!

Wêz' Hja ta sein fen 't Heitelân!
Toan Hja in wiis bistjûr!
Né, 't kin net oars, ef man for man,
Hawwe alles for Hjar oer!
Wy sjonge yet ris, ien fen sin,
't Klink' lûd mar oer de wrâld:
Wy freegje for ús Keningin
In jierrenlang bihald!

Bliuw 't byld fen frommens, trou en moed,
Mar yn ús flagge stean,
Wy kinn' fol hope, sonder noed,
De tiid to miette gean.
Wy bliuwe sjongen, ien fen sin,
't Klink' lûd mar oer de wrâld:
Wy freegje for ús Keningin
In jierrenlang bihald!

4. DE BLOM.

WIZE: *O rolje oer bou en greiden ensf.*

Foar jierren kaem in blomme
To stean yn 't Keningshôt;
Er koe gjin moaier komme
Fen stalle, kleur en lôf!
It wie ús jong prinseske,
In ljeaf oanfallich bern;
In kreas en mûtel famke,
Sa 't men nea kaem to sjen!

Dy blom bleauw wol allinne,
Mar lang net ienlik stean,
En maitiidsloft en sinne
Der hat hja wol by fearn!
't Is nou in foarske blomme,
En o, ús sa nei 't sin!
Dy eale Keningsdochter,
Dat is nou ús Foarstin!

Wez' wolkom! o Foarstinne!
Oan 't haed fen 't Heitelân!
Ho 't ek de tiden rinne,
Wy halde jimmer stân!
Hjer, yet ris, Keninginne!
Hwet er ek barre mei....
Wy scill' Jo nea forlitte,
Mar stypje op Jou wei!

5. OPRIUCHTE TANK.

WIZE: *Ach wie zal de boei verbreken.*

1 .3 5 .3 | 23 45 43 3 |
 Nea haww' wy ús mear formakke,
 5 .5 1 .7 | 65 43 2 0 |
 As op 't feest der Keningin;
 5 7 2 .7 | 67 12 17 7 |
 Elk hat mei ús wil - le smakke,
 2 5 3 1 | 7 6 5 0 |
 Hwa, hwa hie 't nou net nei 't sin?
 5 5 1 3 | 66 5 0 |
 Hwet ús ek forjitte mei,
 3 .5 1 .3 | 2.7 1 0 |
 Noait sa'n Keninginnedei!

Allegearr', dy 't ús woen' skinke,
 Bringe we ús opriuchte tank;
 Hark, wy litte it lûd wjerklinke
 Yn ús alde fryske klank:
 Hwet ús ek forjitte mei,
 Noait sa'n Keninginnedei!

Wol heit, mem en masters 't hearre:
 Om 't wy hjoed sa'n wille ha,
 Gean' wy letter allegearre
 Wer fol moed nei skoalle ta!
 Né, né noait giet d' yndruk wei
 Fen sa'n Keninginnedei!

6. WILLE.

WIZE: *Godlof, wij zijn gered enz.*

Hwet in kloft bliide bern
Koê men hjoed rinnen sjen
Nei skoalle ta!

It wiê der feest for hjar,
Hja koen' er meienoar
To kust gean en to kar:
Rju wille ha!

Op d' oefenpleats fen 't brein
Wier 't bern in feest ta sein,
Sa 't net jamk bart.
't Krig' koeke en sjoekela,
't Song ús Foarstinne ta,
't Koê op gjin boech, as sa,
Mear wille ha!

Mar net allinne dêr,
Ek op 'e striette hjer,
Hie 't wille niis!
Men fierde der in striid,
En joech dy sims in tiid,
Hy makke elk dochs bliid,
Mei 'n moaie priis!

Hiel 't doarp troch kuire min,
En dat wie skoan nei 't sin,
Oer 't algemien!

Nin ien tocht om fortriet,
Elk song in loftich liet,
En 'k ljeauw, elk wie, yn died
Oer 't feest foldien!

En men die siker wol,
De bern, sa blier en gol,
Sa'n dei to jaen.
Der soar is 't beste blyk,
Dat beide, earm en ryk,
Ja, elk nei 't skoalfeest stiek
Om mei to dwaen.

7. TA OFSKIE.

WIZE: *Stuw Noordenwind ons vaartuig, enz.*

0 5 | 1 1 1 1 . 1 5 3 1 | 1 6 6 6 6
Kom, freonen en freondinnen! sjong de dei fen hjoed ta ear!

04 | 4 3 2 1 7 2 5 7 | 2 1 1 7 1
En uterje de winsk: »och barr sa'n skoalfeest mannich kear»!

0 3 | 5 4 2 2 2 1 2 3 | 1 1 1 1
Men koe yens hert optille, oan 't nju hjoed fen 'e bern,

0 3 | 5 4 3 2 4 3 2 1 | 5 5 5 5
En hwet jowt reiner wille, hwet mei min ljeaver sjen,

4 3 2 | 1 1 1 1 1 5 3 1 | 1 6 6 6 6
As dat de berntsjes hjar formeitsje as de mosken yn it sân?

04 | 4 3 2 1 7 2 5 7 | 2 1 1 7 1.
In alder heart sa graech fen 't bern: »hwet haw' in wille hawn!»

Kom, freonen en freondinnen! sjonge wy nou noch for 't lêst,
En winskje we yn ús sang de mûtle berntsjes swiête rêst.

Dy scill' hjar hiel wol passe,

Hwa twivelt der noch oan?

To moarn wol yn de klasse

Den 't learen ek wer skoan,

As 't skoalfeest hjar yn 't learen ta in goede prikel tsjinje ken

En d'alden scoen' sa bitter graech dy fruchten er fen sjen.

Kom, freonen en freondinnen! sjong for 't aller-allerlêst!
Lang binn' wy hjir net mear byien, dit witte we fortêst!

Foar wy nei hus ta tsjenne,

Elk stiet dit wis wol oan,

Woll' wy dochs earst bikenne:

»O, it feest foldie sa skoan!»

En roppe for in folgjend jier sa'n dei hiel graech ta wersjen ta,

Hwent wrychtich minsken op gjin boech, kin 't bern mear
wille ha!

